

FRYSLÂN  
BOPPE



Handgemaakte  
pompeblêdsjes  
in goud en silber

Te koop in onze  
winkel in Joure of via  
[pompeblêdsjes.nl](http://pompeblêdsjes.nl)

MIDSTRAAT 1, JOURE [WATZEVANDERWAL.NL](http://WATZEVANDERWAL.NL)

2022  
2023

# RYSK

## SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong  
51

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,  
8043 AZ Zwolle

**oprjochte 8 febrewaris 1899**



*Vanaf januari 2023 geopend!*

- ✓ Grand Café met heerlijke gerechten.
- ✓ Zoveel mogelijk gebruik van lokale producten
- ✓ Diverse vergaderruimtes met de beschikbaarheid van moderne apparatuur
- ✓ Ruime mogelijkheden voor feesten en partijen voor kleine en grote groepen



*Grand Café Thuis bij Kappers*  
Kerkstraat 7  
7722 LR Hoonhorst

*info@thuisbijkappers.nl*  
*www.thuisbijkappers.nl*  
0529-401281

## BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718	janendjoke@home.nl
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175	henmmonkel@kpnmail.nl
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066	jolandalootens@live.nl
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683	sdabakker@outlook.com
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329	jantjerkkuipers@gmail.com
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836	annetnieuw@planet.nl

### Lede-administraasje

Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

### IBAN rekkennûmer


NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

## KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

### Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562





piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten  
stemmen - onderhoud - verhuur

**DE GRAAF MUZIEK BV**

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87



MEIDIELINGEN BLEED FAN IT

**FRYSK SELSKIP SWOL**

Jiergong 51  
nûmer 4

Oprjochte 8 febrewaris 1899  
sellemoanne (febrewaris) 2023

### IN NORMAAL WINTERSKOFT

Nei sneontemiddei 11 maart 2023 kinne we, nei't we oannimme meie, sprekke fan wer in 'normaal' winterskoft, sa't we dat wend wiene. De ôfrûne twa jier wiene de mooglikheden om in jûn of middei te hâlden, slim beheind. Lokkich slagge it ús dochs in pear kear om byinoar te kommen. It wiene in pear betiizjende en ûnwisse jierren. Benammen troch dat ûnsichtbere firus, dat de hiele wrâld yn 'e besnijing hie. Of kaam it mear troch de wize wêrop 't guon saakkundigen en benammen betinkers fan komplotteoryen der tsjinoan seagen, dat de minsken yn ûnstjoer rekken? Dat soe net foar it earst wêze. Koartlyn hearde ik in útspraak fan de Gryks-Romeinske stoisynske filosoof Epictetus: *'Net troch de dingen dy't barre reitsje de minsken yn ûnstjoer, mar troch de wize wêrop 't se der nei sjogge.'* De bêste man libbe fan 50 oant 130 nei Kristus. Dat jildt 1900 jier letter noch altyd. En hjoed-de-dei noch folle mear as yn de tiid fan Epictetus. De wrâld is folle grutter (om 100 nei Kr. hinne hie nimmen fan bygelyks Amearika heard), der bart folle mear en de minsken krije folle mear ynformaasje en wurde oerfuorre mei alderhanne ferskillende mieningen fan saakkundigen, politisi en oaren dy't tinke dat se ek in sint yn it ponkje dwaan moatte. Is it dan frjemd, dat minsken yn ûnstjoer reitsje?

Dan komme we fierder mei dat moaie liet *'Sit net yn noed'* fan Fedde Schurer (1898–1968). Dat liet begjint sa:

*'Sit net yn noed: 'Wat sill' wy ite of drinke  
hoe komt it mei de hier en mei de klean?'*

*Jim moatte net te folle yn 't foar betinke.*

*Hâld it mar op in soargeleas bestean'.*

Sa'n bestean laket ús as selskip fansels wol oan. Benammen in soargeleas winterskoft 2023-2024. Om't we oan de ein fan dat winterskoft it 125 jierich bestean fan ús selskip hoopje te betinken en te fieren.



Mar earst slute we 11 maart 2023 dit winterskoft ôf mei it selskip **'Fryaz'**. Alfêst in hiel noflike middei tawinske.

Jan Bosgraaf (foarsitter)

**En dan komt de maitiid.**

## **It Frysk Boun om Utens**

Sneon 25 maart 2023 hâldt it Frysk Boun om Utens syn jierlikse

### Algemeine Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemiddei

diskear by de Fryske Krite Flevolân 'De Sékrite' yn Lelystêd en wurdt holden by BOERKOK, Meerkoetenweg 9, 8218 NA Lelystêd .

Moarns fan 10.00 oant 12.30 oere is ynromme foar de AG.

Nei de lunsj is it tiid foar de Moetings- & Ynspiraasjemiddei.

Gastsprekker is akteur **Peter Tuinman**

En fierders is der kabaret en muzyk fan **ADYRF**

Mear ynformaasje oer it Frysk Boun om Utens en oer de by it Boun oansletten krite is te finen op 'e webside fan it Boun: [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

**NIJJERSMIDDEI 2023**

Op ús nijjersmiddei op 18 jannewaris 2023 kamen 51 minsken ôf. Dy lieten har by it ynkommen de kofje / tee mei oranjekoeke goed smeitsje. It wie in middei mei Fryske folksferhalen, in lytse kwis oer Fryslân en de Friezen en om mei-inoar te praten.

Ferhalefertelster Sietske Ypenga – Keulen út Harns fernijt ús earst, dat der feitlik gjin oarspronklike Fryske folksferhalen binne. Dêr hearre wy raar fan op. It earste ferhaal dat Sietske fertelt fynt syn oarsprong lykwols wol yn Fryslân, seit se. It giet oer in famke, dat, mei har âlden, op in pôle yn in feangebiet wennet. En die gebieten wiene der eartiids yn Fryslân in soad. It giet te fier, om wiidweidich ferslach te dwaan fan alle ferhalen dy't Sietske fertelde. Dan soene we oan ien krantsje net genôch hawwe. Oare ferhalen geane oer Pier en Kyke, de frouwe fan Starum, in aardich koart ferhaal oer in hymphamp fan minsken dy't, as 'Zwaan kleef aan' (in mearke fan de bruorren Grimm), troch stêd en lân kuijerje, oant de betsjoening ferbrutsen wurdt. Oer swannen fertelt Sietske nei it skoft in ferhaal dat wat langer duorret en ta beslút it, by guon minsken wol bekende, ferhaal oer it 'Pealtsje fan Easterlittens'. It meie dan folks- en oare ferhalen hjitte, se hawwe allegearre wat wei fan mearkes. En lykas yn hast alle mearkes, hawwe dizze ferhalen ek hast altyd in djippere laach, in soarte fan boadskip, in warskôging. Yn de ferhalen oer Pier en Kyke en it folle bekendere ferhaal oer de frouwe fan Starum sit bygelyks de warskôging dat heechmoed foar de fal komt. Dat sil lykwols net de oarsaak west hawwe, dat de minsken mei oandacht nei de ferhalen fan Sietske harken, mar sa't hja it fertelde. Op in tige ûnderhâldende wize fan dwaan. Dat soarge der foar, dat se fan it begjin oant de ein de oandacht fan de minsken fêsthold.

Tusken de twa bedriuwen mei ferhalen yn dogge de oanwêzigen, yn fjouwertallen, har bêst om in tal fragen oer Fryslân en Friezen te beantwurdzjen. Dat besoarget guon in bulte hollebrekken. Lykwols wurdt oant en mei de lêste minút fûleindich nei antwurden socht. It fjouwertal mei 25 (fan op syn heechst 35) punten koe as winner útroppen wurde. In oare kear moatte de fragen mar wat makliker. Dêrnei waarden de stikken oranjekoeke ferlotte ûnder dejingen dy't de krystpuzel goed ynfold hiene. Yn folchoarder fan grutte fan oranjekoeke wiene dat Petra Aukema, Riemke Bakker, Freerk Kunst en Jolanda Lootens. Mear ynstjoerders wiene der ek net. Nei't ek de moaie prizen fan de ferlotting útlotte wiene, koe elk noch in drankje nimme mei in bitterbal fan De Weijenbelt der op ta. Dêrmei kaam der in gesellich ein oan in noflike nijjersmiddei.

(JB)

**FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP 11 MAART 2023**

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme: .....

Adres : .....

Postkoade  
en wenplak : .....

Tillefoannûmer: .....

E-mail: .....

Is/binne op 11 maart 2023 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:



TEKST YN 'IT BOPPEROM' FAN DE FOLKSHAGESKOALLE SKYLGERALÂN

**IT LESTE NUMER FAN 'DE NIJE'**

Yn it 2<sup>e</sup> krantsje fan dit winterskoft stie in stikje oer de **Ried fan de Fryske Beweging**, de belange-organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer. Ynformaasje oer de Ried is te finen op webside [www.fryskebeweging.frl](http://www.fryskebeweging.frl)

De och sa handige webside [www.startside.frl](http://www.startside.frl) is de poarte nei Frysktalige websiden fan organisaasjes foar de Fryske taal en kultuer op it wrâldwide web. Dêr fine jo bygelyks ek de link nei de nijsside fan de Ried fan de Fryske Beweging; [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl), Dy bringt alle dagen wrâldnijs yn it Frysk, nijsgjirrige kollums en bysûnder nijs oer it Frysk (*sjoch side 6*)



Sûnt 2019 jout de Ried ek it folslein Frysktalige tydskrift **DE NIJE** út, ornearre foar in breed publyk. Dat stie ek yn dat stikje yn it 2<sup>e</sup> krantsje te lêzen. Mei **DE NIJE** is de ôfrûne trije jier troch in groep belutsen frijwilligers in moai produkt delset mei hiel wat nijsgjirrige artikels. Nei it oardiel fan de Ried wie de ôfhinklikens fan frijwilligers eins te folle om bliuwend in kwalitatyf goed produkt út te bringen. De grutste oast wie lykwols de finansiering fan DE NIJE. Dêr soarge de Ried sels foar en dat levere in grut tekoart op. Ferskate kearen is besocht om finansjele stipe fan de provinsje Fryslân te krijen, mar de Ried krige nul op 't rekest. De Ried fynt it dêrom net ferantwurde om DE NIJE noch langer út te bringen. **Nûmer 4 fan**

**de 4<sup>e</sup> jiergong (foto) is it lêste nûmer fan DE NIJE.** En dat is tige spitich!

Wa't op 'e hichte bliuwe wol mei it krewearjen fan de Ried, kin stiper wurde. Foar it minimale stipebedrach fan € 25.-- yn it jier krije jo elts fearnsjier de nijsbrief tastjoerd. Ek wurde jo útnûge foar gearkomsten fan de Ried mei in nijsgjirrich program. Fergees krije jo yn novimber in Frysktalich tydskrift. Mar boppe-al soargje jo derfoar dat de Ried syn aktiviteiten foar de Fryske taal en kultuer fuortsette kin. Stiper wurde kin troch in e-mailsje te stjoeren nei [yfno@fryskebeweging.frl](mailto:yfno@fryskebeweging.frl) of in briefke/kaart te stjoeren nei: Ried fan de Fryske Beweging, Bûterhoeke 1, 8911 DH Ljouwert. Jou dêrby jo adresgegevens op en leafst ek jo e-mailadres.

Boarne: Ried fan de Fryske Beweging

Al 20 jier sjongt it **Frysk Sjongkoar Swol** mei in soad nocht en wille moaie Fryske lieten.

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingsintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

***Fersopen protter (Verdronken vlinder)***

*Samar ha'k dy as in swarte stobbe yn it wetter fûn,  
samar ha dyn moaie flerken en dyn kopke it bejûn.  
Net mear fleane oer de heide, oer it wetter, oer de greide,  
net mear songe foar de sinne, as de dagen wer begjinne.*

*Grytz en Grize*

*(Grytsje Melchers en Douwe van der Werff)*

*Nei it nûmer fan Boudewijn de Groot*

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige simmermoeting.

Al dy aktiviteiten, mar boppe-al it sjongen, ferbynt de minsken. Sjongen en muzyk makket wat los yn de minske. It rekket gauris in gefoelige snaar. En it makket minsken fleurich. Dat jildt net allinne foar de sjongers mar likegoed foar de taharkers.

Kom dêrom earst mar ris nei in repetysje. Jo krije der grif gjin spyt fan. En it jout fierders gjin inkelde ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

<b>Douwe Boersma</b>	<b>foarsitter / skriuwer</b>	<b>0523 – 656802</b>
<b>Jolanda Lootens</b>	<b>pongâlder</b>	<b>038 – 420066</b>
<b>Jelma Wiegersma</b>	<b>diriginte</b>	<b>038 – 3311670</b>



(JB)

GERBEN EN ELLIE DE GROOT FERSTOARN

Yn jannewaris binne Ellie de Groot en ús eardere bestjoerslid Gerben de Groot koart nei inoar ferstoarn. Jierrenlang wiene se aktyf lid fan ús selskip. Se misten komselden in jûn. Wa't ek lang lid is, wit noch de tiid dat der nei ôfrin fan de jûnen dûnse waard. Tegearre swaaiden en swierden Gerben en Ellie dan och sa graach oer de dûnsflier. It is in byld út in fier ferline.

Op de ledegearkomste fan 19 april 2002 moast der yn in fakatuere yn it bestjoer foarsjoen wurde. Der wie nimmen dy't him foarôf beskikber steld hie. Doe gie Gerben stean en sei, dat hy it lege plak wol ynfolje woe. Dat betsjutte ek, dat hy tenei de ferlotting foar syn rekken naam. Dat kaam der yn de praktyk op del, dat syn frou Ellie alle jûnen foar moaie en kreas ynpakte prizen soarge. Op de jûnen sels fersoarge Gerben de (organisaasje fan) de ferlotting.

Yn 2004 naam Gerben de organisaasje fan de útsjes nei Fryslân oer. Troch syn eardere wurk as hannelsreizger wie er rûnom yn Fryslân bekend en hie er in soad kontakten en kunde. De leden dy't oan de útsjes meidiene, hawwe sa op hiel wat plakken yn Fryslân west en tige nijsgjirrige ekskurzjes en rûnliedingen hân. En net te ferjitten, se hiene it sa'n dei altyd goed fan iten en drinken.

Gerben hie der slach fan om foar net al te folle jild in goed miel op tafel te krijen. Dat kinne de leden dy't oan it krystmiel yn 'Urbana' meidiene wol befêstigje. Yn 2008 organisearre Gerben dat foar de earste kear en hy krige it dêrnei noch 8 kear foarinoar foar deselde priis. Dan kin sein wurde, dat Gerben in echte hannelsman wie. Mar ek by Gerben begûnen de jierren te tellen. En foar Ellie jilde dat ek. Yn april 2017 wie er oan bar om ôf te treden en stelde hy him net wer ferkiesber. Yn de ledegearkomste op 19 april 2017 namen we ôfskie fan Gerben as bestjoerslid. Hy fersoarge noch wol in pear útsjes nei Fryslân en in krystmiel. Mar doe't er mear noed om en soarch foar Ellie krige, waard him dat tefolle.

Dy noed en soarch om en foar Ellie waard geandewei grutter, trochdat se mear en mear it begryp fan tiid en plak kwyt wie en fertieze rekke yn it hjir en no. Oant it him tefolle waard en hy foar syn Ellie in oar plak sykje moast, dêr 't se goed fersoarge wurde koe. Nei dat foar Gerben yngripend barren krige hy sels ek in pear fysike tebeksetters. Hoewol 't er elke kear wer by de wâl opklaude, rekke er beheind yn syn mooglikheden om te gean en te stean wêr 't er woe. De lêste tiid wiene it benammen Ellie, de bern en bernsbarn dêr 't er foar libbe. Sa waarden se beide âld. Elk op syn en har eigen wize.

Oant der op 6 jannewaris 2023 in ein oan Ellie har libben kaam. Acht dagen letter, op 14 jannewaris 2023, tikke de klok ek de lêste sekonden fan Gerben syn ierdske libben fuort.

Wy betinke harren mei tank oan al itjinge dat se foar it Frysk Selskip Swol dien hawwe.

DE FRYSKE FLAGGE

Op ús nijjersmiddei siet yn de kwis oer Fryslân en Friezen de fraach wat de sân pompeblêden yn de Fryske flagge symbolisearje. Fan de 13 groepen hiene 3 it goede antwurd en fan ien groep wie it antwurd heal goed. Us kennis fan de symboalyk fan de Fryske flagge is dus net botte grut. Om dêr feroaring yn te bringen, is hjir in koart stikje skiednis oer ús **Fryske flagge**.



De Fryske flagge is te werkennen oan de 7 rjochtskeane banen (4 blauwe en 3 wite), mei dêrop sân reade pompeblêden, oardere twa, trije, twa. De foarm fan de pompeblêden is sekuer fêstlein; it meie gjin herten wêze. Dy sân reade pompeblêden soene, krekt as de sân blokjes yn it wapen fan Fryslân, neffens de 16<sup>e</sup>-iuwske gelearde Suffridus Petrus ferwize nei de Sân Fryske Seelannen, dy't troch trije wetterstreamen fan inoar skieden wiene. Dit wiene min ofte mear selsstannige lânstroken lâns de kust fan Alkmaar oant de Wezer yn Dútslân, dy't, sa giet it ferhaal, mei-inoar tsjin de Noarmannen fochten hawwe. Nei alle gedachten binne der lykwols nea presys sân fan dizze bestjoersienheden west. Sân soe yn dit ramt sjoen wurde kinne as in konnotaasje foar 'in soad'. Ofbyldingen fan it wapen fan it 'keninkryk' Fryslân komme al yn de 17<sup>e</sup> iuw foar.

*Hjirjonken 'It wapen fan de âlde Friezen'*  
B. Schotanus 'Beschryvinge van de heerlickheydt van Friesland' fan 1664.



De flagge is nei alle gedachten yn dizze ferzje makke troch Sjouke de Zee fan Jirnsum om 1895 hinne en sa'n twa jier letter troch de firma De Leeuw & De Zee yn de hannel brocht. De flagge wie nei sizzen makke nei in âlde print fan it Fryske wapen, dy't spitigernôch yn 1923 troch brân ferlern gien is. Sûnt likernôch 1880 wiene yn inkelde gefallen al eardere flaggen mei sa'n selde motyf brûkt. Dat motyf is oernaam fan de wapens fan de Fryske keningen.

Op 14 oktober 1897 waard de flagge troch Deputearre Steaten erkend, yn de ferzje dy't tekene wie troch Heerke Wenning foar de kroaningsfeesten fan keninginne Wilhelmina. It duorre lykwols oant 1927 ear 't de provinsje de flagge sels ek brûke soe op it provinsjehûs. Earst yn 1957 is de flagge troch Provinsjale Steaten goedkard. De flagge waard derby net omskreaun as flagge fan de provinsje, lykas dat by oare provinsjes bard is, mar as: **Fryske flagge**.

## It Frysk Boun om Utens

Op 15 septimber 2023 it It Frysk Boun om waard as It Boun fan bûten Fryslân. Dy bestien. Dêrmei prate om Utens of koartwei lid fan de by it Boun dêrmei bedoeld wurdt. Hawar, dat docht der om, dat it Boun 100



is it 100 jier lyn, dat Utens oprjochte Fryske Selskippen namme hat 25 jier wy fan It Frysk Boun It Boun. Dan wit elk oansletten kriterien wat No ja, elk lid ...? no net ta. It giet der jier bestiet.

En dat sil op **sneon 16 septimber 2023 yn Zwolle** betocht en fierd wurde. Wy sitte dus tichteby it fjoer. En dy't it tichtst oan 't fjoer sit, waarmet him it bêst. Mei oare wurden, wy kinne der hiel maklik hinne. De leden fan alle kriterien krije dêrta in útnûging. Dat duorret noch in pear wike, mar dan witte jimme it alfêst. **De datum kinne jimme notearje en frij hâlde.** Dan hoege jimme it feest net te missen.

Want dat moat it wurde; **in feest!** It programma foar de jubileumdei stiet al yn de stegers en wurdt de kommende moannen fierder útwurke. In fleurich programma mei muzyk, sang en toaniel, mei in Fryske pommerant as gastsprekker en fansels ek in min ofte mear 'offisjeel' part. Dat heart no ienris ek by sa'n jubileum. En, net te ferjitten, in grutte ferlotting en ... in ferrassing foar elk (pear) dy't dy dei komt.

It moat in fleurige, gesellige en noflike dei wurde, mei iten en drinken en tiid om inoar te moetsjen en mei-inoar te praten. Mei oare wurden ...

**... in bjusterbaarlik en ûnferjitlik barren**

## It Frysk Boun om Utens



De ledebydrage is op syn minst € 9.-- jiers.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180 of in e-mail stjoere nei [freonen@omropfryslan.nl](mailto:freonen@omropfryslan.nl) Oanmelde fia de webside [www.omropfryslan.nl/freonen](http://www.omropfryslan.nl/freonen) kin ek.



As **Freon fan Omrop Fryslân:**

- Stypje jo Omrop Fryslân troch projekten dy't op inisjatyf fan de Freonen dien wurde.
- Krijje jo ynfomaasje oer aktiviteiten fan de Freonen fan de Omrop.
- Krijje jo it ledeblêd 'Each & Ear' en/of nijsbrieven digitaal of mei de post tastjoerd.

## FOLKSHEGESKOALLE SCHYLGERALAN



Deunby it Noardseestrân en Wrâlderfgoed it Waadseegebiet leit de Folkshegeskoalle op in sintraal plak op Skylge, yn de Hoarnske bosk. De akkommodaasje is boud op de fûneminten fan de Atlantic Wall. De bunkers út de Twadde Wrâldoarloch hawwe no in funksje as sliepseal of ytseal. Goed tritich jier lyn is 'de Brêge' (foto) der by boud.

Fan âlds is de Folkshegeskoalle in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Neist in edukatyf programma, biedt de Folkshegeskoalle in perfekte akkommodaasje foar in skoalreisje, famylje- of bedriuwstapke of gewoan in noflike fakânsje.

Yn 2023 is der wer in grut ferskaat oan alderhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness en Zen, natoertochten, ensafuorthinne.

Wa't mear witte wol oer alles wat er op 'e Folkshegeskoalle Schylgeralan te rêden is, kin terjochte op webside [www.folkshegeskoalle.fr](http://www.folkshegeskoalle.fr)

**WER TWA NIJE LEDEN**

We hawwe jierren hân, dat we gjin nije leden mear krigen. Yn it earstoan koene we ús dêr mar min by dellizze, mar linkendewei rekken we der oan wend en jûgen we ús der by del. It is in kwestje, dêr 't alle ferieningen mei te krijen hawwe.

Mar dan, wylst we it net ferwachtsje, kinne we samar 4 nije leden ynskriuwe. Dêr makken we yn it 2<sup>e</sup> krantsje optein gewach fan. Einliks wer in pear nije leden. As 't kinnen hie, dan hiene we de flagge úthongen.

Wa hie doe tinke kinnen, dat we yn dit krantsje wer 2 nije leden wolkom hjitte kinne; **hear en frou Van Diepen út Zwolle**, Mear ynformaasje kinne we mei it each op de AVG net jaan. Mar wol, dat se ek lid fan it Frysk Sjongkoar Swol binne. We hoopje, dat se harren ek gau yn ús selskip thús fiele.

Dêrmei stiet de teller fan it ledetal ein jannewaris op 101. Wa't ek minsken ken, dy't it Frysk bloed yn 'e leren hawwe en Fryslân en de Fryske taal in waarm hert tadrage, trúnje harren dan ek oan om lid fan ús selskip te wurden. Se binne fan herte wolkom.

*Net troch de dingen dy't barre reitsje minsken yn ûnstjoer,  
mar troch de wize wêrop 't se der nei sjogge.*

*(Epictetus 50 – 130 nei Kr.)*



'It Nijs' is it digitale dei-/wykblêd fan de Ried fan de Fryske Beweging (sjoch side 14). Op de webside [www.it.nijs.frl](http://www.it.nijs.frl) stiet in hiel soad ynformaasje en nijsgjirige ferhannelingen oer ûnderskate ûnderwerpen.

Wrâldnijs, nijs út de Benelúks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei petearen, kollums en skôgingen), sport, ferdivedaasje en it waar. En alles yn it Frysk.

Mear as 6.000 minsken lêze 'It Nijs' al. Alleast, se krije it eltse wike oer de mail tastjoerd. Makliker kin it net. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl). It kostet fierders neat en is tige de muoite wurdich.

*(ferfolch fan side 10)*

'Kinst it dan ek sjonge?' wie doe de logyske fraach. Dat koe se wol en se die it ek, klear en dúdlik, as tank foar alle gastfrijheid dy't se yn Fryslân ûnderfûn. Dêr kamen in soad moaie en emoasjele reaksjes op.

Ta beslút kaam doe, as ferrassing foar Nataliia, de útnûging fan SC Hearrenfean om it Frysk folksliet yn it Abe Lenstra stadion te sjongen. Dat plan wie betocht yn oerlis mei Jouke de Vries, de stadionspeaker fan SC Hearrenfean. 'Ik bin sa grutsk, dat ik dit dwaan mei', wie har reaksje. 'Ik fiel de enerzjy fan de wurden en wol de Friezen nei de oerwinning tasjonge.' Se folle har wurden oan mei de hoop dat Oekraïne de oarloch ek winne sil.



*Dizze foto (yn kleur) en dy op side 10 binne fan Auke Zeldenrust / Omrop Fryslân.*

Sa barde it op dy memorabele woansdeitejûn dat Nataliia Gryshchenko, mids 10.000 entûsjaste minsken, mei rjochte rêch en út folle boarst in Frysk folksliet troch it Abe Lenstra stadion klinke en daverje liet. Yndied: pikefel en triennen. 'Myn hert wie fol emoasjes. Ik kin it net úlizze. Ik bin sa lokkich.', wie nei ôfrin har reaksje.

De Friezen hawwe yndied wûn: SC Hearrenfean – FC Volendam einige yn 2 - 0. Litte wy, as Friezen, mei Nataliia Gryshchenko hoopje, dat har lân Oekraïne de oarloch ek winne sil. Of, noch leaver, dat der sa gau mooglik in ein komt oan de doelleaze en waansinnige oarloch.

*(JB)*



PIKEFEL EN TRIENNEN YN IT ABE LENSTRA STADION

It is de gewoante dat by in thúswedstriid fan SC Hearrenfean it Frysk folksliet spile en songen wurdt. Dan klinkt en daveret 'De Alde Friezen' troch it Abe Lenstra stadion. 'Al wit gjin spiler wat we roppe, wy sjonge troch, dan mar foar Foppe', sjongt Gurbe Douwstra yn 'Lit jim gean Friezen, lit jim gean'.

Dat wie yn de tiid, dat Foppe de Haan trainer-coach fan SC Hearrenfean wie. Tegearre mei Riemer van der Velde, dy't doedestiids foarsitter fan de klup wie, foarmen de beide mannen in izersterk duo. Noch altyd sitte de mannen by in thúswedstriid njonken inoar op de vip-tribune yn it Abe Lenstra stadion. Ek op woansdei 11 jannewaris 2023 by de bekerwedstriid fan SC Hearrenfean tsjin FC Volendam.

En ek dy jûn klonk, foar't de wedstriid begûn, it Frysk folksliet. Diskear lykwols op in bysûndere en unike wize, sa't de Friezen dat noch nea meimakke hiene.



Yn de middensirkel stie in jonge frou, klaaid yn de kleurrike dracht fan har lân, dy't mei ynmoed it Frysk folksliet song en mei har heldere stim eltsenien yn it hert rekke. It soarge by hiel wat minsken, ek by de stoerste keardels, foar pikefel en triennen. De eftergrûn fan de sjongeres, de Oekraynske

flechteling Nataliia Gryshchenko, sil der grif oan bydroegen hawwe dat dy emoasjes by de 10.000 fuotbalfans oprôppen waarden. Njoggen moanne lyn flechte se, mei û.o. har suster, út Oekraïne wei en fûn se in nij 'thús' yn Donkerbroek. Yn har lân wie Nataliia Grynshchenko sjonglerares. No jout se sjongles oan it Stellingwerf College yn Easterwâld.

Twa moanne lyn wie se te gast by Omrop Fryslân Radio. Yn it programma fertelde sy oer har libben yn Oekraïne, har flecht út har lân en har libben yn Fryslân. 'Ik bin eltsenien tankber, dat wy sa waarm opfongen binne', sei se. Fansels kaam ek de fraach, oft se nei njoggen moanne al in bytsje Frysk kin. Dat blykte yndied it gefal te wêzen, al prate se leaver Ingelsk. Mar se blykte it Frysk folksliet wol te kennen. De betsjutting fan de wurden hie se har útlizze litten, fertelde se. Dat moat foar har itselde west hawwe, as it Oekraynsk folksliet foar in Fries: *Sjtsje ne vmerla Oekrajiny i slava, i volja, Sjtsje nam, brattja molodiji, oesmichnetsja dolja. Zhynoet nasji vorozjenky, jak rosa na ontsi, Zapanoejem i my, brattja, oe svojij storontsi.* De betsjutting dêrfan moat ús ek útlein wurde.

(ferfolch op side 11)

Z	A	F	Y	R
R	A	Z	Y	F
F	A	R	Y	Z
F	R	A	Y	Z
F	R	Y	A	Z

**Fryske folk mei eigen skreaune teksten.**

De groep **FRYAZ** is oprjochte yn 2018. It binne 'âlde rotten yn it fak' (no ja, wat is âld?), dy't sankjes yn it Frysk en it Stedsfrysk bringe. Dy lieten wurde ôfwiksele mei ferhalen troch Gjalt de Jong. Gjalt is foaral bekend as ferslachjouwer fan it skûtsjesilen. Mar hy is ek ferhaleferteller en muzikant. Hy sjongt ferskes, dêr 't er himsels by begeliedt op de lûkpûde. It kwintet bestiet fierders út letsje Meems (sang en fioele), Kees Hofstra (sang en banjo), Paul Siemensma (akkordeon en sang) en Douwe Dijkstra (sang en kontrabas). Paul Siemensma makke earder diel út fan *Wiegels Wjukkel Masine* en *Willehúske* en tsjintwurdich spilet er ek by *Hymphamp*. Dêr kinne wy him ek wol fan.



f.l.n.r. Kees Hofstra, Paul Siemensma, Gjalt de Jong, letsje Meems en Douwe Dijkstra

**Sneon 11 maart 2023 om 14.00 (twa) oere yn 'De Weijenbelt' te Swol (ynrin fan healwei twaen ôf)**

**Campherbeeklaan 82 Zwolle (Berkum)**



**Fryaz** is in âlde namme foar Friezen. **Fryaz** besjingt ús Fryske identiteit mei in teâtrale ynslach. Tusken de sankjes troch besprekke se de meardere en somtiden djippere lagen fan ús Frysk wêzen en ús heitelân. Stean wy noch sa yn de wrâld as ús foarâlden? Feroarje wy ús DNA troch oare natoerlike omstannichheden as minske hannen? Of binne we twongen om mei te gean yn it grutte gehiel sadat ús Frysk wêzen net oerlibbet? Leare ús bern en bernsbarn noch ús memmetaal 'litte gean as ...'? Klinkt it no swiermoedich? Nee, want Fryaz docht it mei in knypeach.

Dit wurdt de útsetter fan it winterskoft 2022-2023. Dus net stinne. Mar allegearre der hinne!

**EN DER IS IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!! HOE MEAR LOTTEN, HOE GRUTTER DE KANS!!!**